

wat in ein!



Jan Schotanus – tekst | Linda de Haan – yllustraasjes | Audiofrysk, 2017 |
ISBN 9789460381188 | Diel út de Sweltsjerige (foar begjinnende lêzers)
| hurd kaft, 28 siden | Leeftiid: 6+ | AVI-Frysk M4

YNHÂLD

Oer it boek	1
Gearfetting	1
Oer de skriuwer: Jan Schotanus	2
Oer de yllustrator: Linda de Haan	2
Prate oer it boek	3
Oan de slach mei it boek	4
TEKENJE EN SKRIUWE	<i>Meitsje in aansichtkaart</i>
SKRIUWE	<i>Ynfolferhaal</i>
Wurkblêden	5

OER IT BOEK

Wat in ein is in boekje foar begjinnende lêzers yn de Fryske taal, en hat AVI-nivo M4. Bern kinne mei dit boek leechdrompelych yn 'e kunde komme mei de Fryske taal en fertroud reitsje mei de dakjes en streepkes op 'e letters. It boek is ûnderdiel fan de Sweltsjerige.

Wat in ein is opboud út sân haadstikken. De sinnen besteane út maklike wurden en alle sinnen begjinne op in nije rigel. De blêdspegel is oersichtlik. Alle siden ha op syn minst ien kleurrike yllustraasje. De kleurige en fleurige yllustraasjes fan Linda de Haan spylje in wichtige rol en soargje derfoar dat dit autoboeke foar sawol jonges as famkes oantreklik is.

DE SWELTSJERIGE

De *Sweltsjes* binne trettjin boeken op AVI-Frysk-nivo foar begjinnende lêzers, skreaun en tekene troch ferskillende Fryske skriuwers en yllustratoaren.

De technyske lêsnivo's, tusken E3 en M5, steane dúdlik oanjûn yn en achter op de boeken. Mei de searje boekjes is foarsjoen yn it ferlet fan skoallen en bibleteken fan in kwaliteitsboekerige Frysk foar de ûnderbou. As bern it Nederlânsk ienkear technysk wat behearskje, is de stap nei in Frysk boek mar lyts.

GEARFETTING

Wim en Afke wolle graach op fakânsje. Omdat har eigen auto stikken is, hat heit ien hierd, in âlde 'ein'. Heit fynt him prachtich, mar it wurdt wol in hiel oare fakânsje as oare jierren. De bern en mem fine it earst wat nuver, mar hawwe al gau wille om it autootsje. Alle kampearguod wurdt der op en achter laden en dan tuft de famylje nei Frankryk ta. De ein kin net sa hurd, dus de reis duorret wat langer. De camping yn Frankryk helje se, mar dan begjinne de aventoeren... Want ienkear op it kampearplak giet der in soad mis. Se hawwe de hjerringen ferjitten en it wurdt min waar. It stoarmet, de ein komt sûnder benzine te stean, it tintsje is wat te lyts foar fjouwer minsken en de tinte stiet tafallich krekt op in mûzenêst. De ein biedt útkomst, humoristyske situaasjes, mar ek wat ûngemak. Yn it fleurige boek komme ferskate âlde automodellen foarby en krijst in idee fan hoe't it eartiids wie, mei in skepke nostalgia.



OER JAN SCHOTANUS

Jan Schotanus (1950) hat as Frysk skriuwer fan berne- en jeugdboeken in protte betsjutten as it giet om Fryske ferhalen foar bern. Hy hat ek hiel wat wurk yn it Frysk oerset, ûnder oaren foar it ferneamde Iepenloftspul fan Jorwert. Wat er ek skreau, hy die dat meastentiids tegearre mei syn frou Marja. Jan is goed yn de grutte linen, Marja wie better yn details. Sa wurken se gear, oant der in goed en sterk ferhaal lei.

Jan hat wurke as master yn it basisûnderwiis, dêr begûn er as jonge learkrêft mei it oersetten fan ferhaaltsjes út tydskriften wei, bedoeld as lêsmateriaal foar syn learlingen. Hy hie aardichheid oan it oersetten en it gong him goed ôf. Sa rekke er ynspirearre om sels ek ris wat te skriuwen. De ferhaaltsjes dy't er skreau, lies er earst foar oan syn learlingen, om út te finen oft wat er skreau wol oansloech by syn jonge lêzers. Dat wie de opmaat foar syn skriuwerskip.

Syn frou Marja (1953-2025) wie al warber mei har DAT tekstbureau. Ek Jan krige dêr hieltyd mear wurk. Hy sette dêrom yn 2007 in punt achter syn loopbaan yn it ûnderwiis en tegearre giene se fierder mei it tekstburo. Dêrfoar diene se de korreksje en redaksje fan teksten, oersettingen fan toaniel, lietteksten, artikels en literatuer, en makken se edukatyf lesmateriaal foar musea, temaparken en skoallen.

Hy makke diel út fan de kommisje dy't de Kanon fan de Fryske skiednis opstelde en skreau mei oan de skiednismetoade Alve-en-tritich foar de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis. Oersetten is noch altyd in belangryk ûnderdiel fan it wurk fan Jan Schotanus. It earste boek dat er oersette wie *Jappy en it sûkeladefabryk* (1982, oerset út it Ingelsk nei Roald Dahl). It ferfolch *Jappy en de grutte glêzen lift* kaam út yn 1989. Njonken berne- en jeugdliteratuer fertaalt er ek in soad toaniel, benammen

út it Nederlânsk en it Ingelsk wei. Foar bernetoaniel hat er ferskate stikken oerset en skreaun, mar ek it Frysktalich beropsselskip Tryater en it iepenlofttoaniel fan Jorwert diene geregeld in berop op him. Foar Jorwert is Schotanus 25 jier lang de 'fêste' oersetter west.

Yn 2007 rjochte hy de útjouwerij Audiofrysk op, dy't harkboeken en berneboeken yn it Frysk op 'e merk bringt.

OER LINDA DE HAAN

Linda de Haan (1976) groeide op yn Burgum. Se studearre ôf as yllustrator en dosint tekenjen oan de Akademy foar byldzjende keunst Minerva yn Grins, en reizge dêrnei troch Europa en Sina om sânskulptueren te bouwen. No makket se al goed 25 jier printeboeken. Foar it Fryske berneprogramma *Fratsen* tekene se mear as 125 telefyzjeôfleveringen.

Yn 2000 ferskynde yn fjouwer talen tagelyk har earste printeboek *Kening & Kening*, dat se tegearre mei Stern Nijland makke. De Haan yllustrearre ferskate Fryske en Nederlânsktalige berneboeken en fersoarge yllustraasjes foar ûnder mear Tomke-boekjes en de Sweltsjerige.

Yn 2024 ferskynde *Ik wol in bosk op 'e jierdei*, in berneboek wêrfan't sawol it ferhaal as de yllustraasjes fan har hân binne. It boek waard selektarre foar de White Ravens fan de Internationale Jugendbibliothek yn München. De White Ravens binne oanbefellingen foar bysûndere boeken út 'e wrâld fan 'e ynternasjonale berne- en jeugdliteratuer.

Yn 2025 ferskynde har berneboek *Wetter*. In ferhaal oer Wisse, dy't op skoalle in brief oan de takomst skriuwe mei. De brief giet oer wetter, in ûnderwerp dêr't er in hiel soad ynteresse foar hat.

Foar mear ynformaasje, sjoch www.lindadehaan.com



PRATE OER IT BOEK

It stellen fan de fraach ‘Wêr gong it boek oer?’ is faak net sa’n produktive wize om mei learlingen oer in boek te praten. Sy witte faak de essinsje net goed te beneamen en ferlieze harsels gauris yn details. In goede metoade om in berneboek klassikaal te besprekken, is ûntwikkele troch de Ingelske berneboekeskriuwer Aidan Chambers. Hy beskriuwt dy yn syn boeken *Vertel eens* en *De leesomgeving*, bondele yn *Leespraat*, Biblion 2012. De *Vertel eens*-oanpak komt derop del dat de learlingen en learkrêft oan ’e hân fan de folgjende basisfragen oer it boek prate, as dat út is:

1. Wat fynst moai/goed oan it boek?
2. Wat fynst net sa moai/goed oan it boek?
3. Wat fynst dreech of ûndúdlik? (Of frjemd, wiene der dingen dy’t net kloppen?)
4. Wiene der patroanen/ferbannen? (Dingen dy’t hieltyd weromkomme yn it boek?)

Set de antwurden fan de learlingen yn stekwurden yn kolommen op it boerd. Binne der linen te lûken fan de iene nei de oare kolom? Binne der dingen dy’t faker weromkomme? Falt in bepaald tema of ûnderwerp op? Learlingen dy’t oefenje om in boek op dy wize te besjen, sille letter mear bysûndere dingen opfalle.

OAN DE SLACH MEI IT BOEK

It boek kin ekstra ta libben komme troch allerhande ferskillende ynfalshoeken en ferwurkingsopdrachten. De piktogrammen betsjutte:  = groep,  = twatallen,  = yndividueel,  = tiid dy't noadich is foar de opdracht.

TEKENJE EN SKRIUWE – *Meitsje in aansichtkaart*



Foar it petear fan de learkreft mei de learlingen.

Do hast fêst wolris op fakânsje west. Watfoar fakânsje bisto noait ferjitten?

Wat is it moaiste fan fakânsje?

Of wêr soesto noch wolris hinne wolle?

Meitsje in aansichtkaart fan dyn dreamfakânsje!

Meitsje foarop it plaatsje. Dat meist tekenje. Mar do meist ek plaatsjes útknippe en opplakke.

Of in kombinaasje fan beiden.

Skriuw achterop oan dyn bêste freon(din) oer dyn fakânsje.

Brûk in wurdboek of de webside Frysker.nl om it yn it Frysk skriuwe te kinnen.

Tekenje ek in postsegel.

Wurkblêd 1:

Foarop in tekening

Achterop in koart ferhaaltsje oer dyn fakânsje.

Nedich:

- Wurkblêd 1
- âlde tydskriften en folders
- potlead
- stiften
- wasko
- skjirre
- lym

SKRIUWE – *Ynfolferhaal*



Dit ferhaal kinne de bern nei eigen ynsicht skriuwe. By de stipkes moatte de bern sels in wurd ynfolje. Dy wurden kinne se kieze út de rychjes mei wurden, lykas *kleuren*, *bisten* of *emoasjes*.

Klear? Lit trije bern har ferhaal foarlêze. Silst sjen dat elkenien it oars dien hat, en dat der in protte lake wurdt.

Is it noch te dreech om it allinnich te dwaan? Dan kin it ek klassikaal útfierd wurde.

WURKBLÊD 1 – TEKENJE EN SKRIUWE

AANSICHTKAART

GROETNIS ÚT:

FOARKANT

FOAR:

EFTERKANT

BIST OPPAKT

De _____ [helptsjinst] is midden yn 'e nacht belle.
De frou oan 'e line klonk hiel _____ [emoasje].
'Der is in _____ [bist] ûntsnapt!' rôp se.
'Wêrhinne?' frege de _____ [helptsjinst].
'Ik tink nei _____ [plak].'
De frou _____ [lûd].
'En noch wat. It bist wie _____ [kleur].'
'Dat is frjemd. Wy komme deroan', _____ [lûd] de _____ [helptsjinst].
It/De _____ [bist] is fongen.
Der stiet in stek om _____ [plak].
Dêr wennet it bist no.

Wurden om út te kiezen:

kleuren

giel / brún / swart / wyt / read / blau / griis

getallen

ien / twa / trije / fjouwer / fiif / seis / sân / acht / njoggen / tsien / alve / tolve

bisten

hûn / ko / skiep / kat / hynder / sjiraf / fisk

helptsjinsten

plysje / brânwacht / ambulânse

emoasjes

lilk / bliid / fertrietlik / bang

lûden

lake / gûlde / raasde / flústere / rôp

plakken

de skoalle / de see / de film / de bosk / de winkel